



## In tomme foar Durk

‘Durk, it iten is klear! Durk? Du-hurk!’

Ja, ja. Durk hat it boadskip begrepen. ‘Ik kom deroan!’

Hy slacht syn muzykboek ticht en leit syn trompet op it bêd. Boppe yn ’e gong rûkt er al wat der op it menu stiet: snert. Lekker!

Hy rint de keuken yn en skoot oan neist suske Jeltina.

‘Wat wiesto no oan it spyljen, niis?’ freget dy, wylst mem de rikke woarst snijt.

‘It feintsje fan Menaam’, seit er.

‘Wa?’ reagearret Jeltina.

‘Wat is der mei It feintsje fan Menaam?’ freget heit, dy’t no ek de keuken yn rint.

‘Suf muzykje’, seit Jeltina. ‘Wie Durk krekt oan it spyljen.’

‘Ja, dat miende ik al te hearren’, seit heit. ‘Dochs net echt muzyk foar in jonge fan tolve, wol?’

‘Mar wol lekker fleurich’, seit mem, wylst se Durk in flink board snert foarset. ‘En in soad minsken kenne de tekst.’

‘Dus?’ seit heit.

‘Hy sil moarn spylje’, ferdúdliket mem. ‘Op ’e brêge.’

‘By de Alvestêdetocht?’ laket Jeltina. ‘Echt? Do bist net wiis, ju!’

‘Ik fyn it just in goed plan!’ reagearret heit entûsjast. ‘Bytsje sfear bringe, hearre litte watst kinst. Leuk hear. Miskien moatst ek wat lietsjes sykje dy’t jonge minsken moai fine. Wat fan Abba of sa.’

‘Ja hear, heit. Abba. Wekker wurde. Dy besteane net mear’, prottelet Jeltina.

‘Queen, dan?’

‘Op de trompet?’

‘Ik tink dat folkslietsjes it measte oanslane’, seit mem. ‘De Wâldsang, It Dokkumer Lokaaltsje, dat soarte lietsjes.’

Durk syn heit hat noch in oar idee. ‘Daar in dat kleine café aan de haven, dat is leuk!’

‘Mar ik haw hielendal gjin tiid mear om te oefenjen’, seit Durk, dy’t him no dochs wol in bytsje ûnbehaachlik begjint te fielen. Wikenlang hawwe se hope dat der in Alvestêdetocht komme soe, krekt as de foarige winter. It like der net mear op, en no ... No sil it dochs noch wurde. Samar ynienen. Foarich jier hie er op it sjoernaal sjoen hoe’t ûnder oaren yn Frjentsjer muzikanten soarge hienen foar gesellige muzyk. Dat wol hy ek. Moarn sil er út Aldtsjerk wei op ’e fyts nei Bartlehiem ta gean. Krekt as foarich jier. Mar no méi trompet.

‘Goed dan’, seit er tsjin heit. ‘Mar ik haw dan hielendal gjin blêdmuzyk.’

‘In jonge mei dyn talint spilet dy melodytsjes samar nei’, mient heit.

Mar heit hat maklik praten.

Dy jûns kin Durk mar min yn ’e sliep komme. Hieltyd heart er de lietsjes yn syn holle.

‘Daar in dat kleine café aan de haven. Daar zijn de mensen gelijk en tevree. Daar telt je geld of wie je bent niet meer mee...’ Yn gedachten sjocht er syn trompet foar him

---

en beweecht er mei syn fingers oer de fentilen. Dan sjit him ynienen wat yn 't sin. Wat as de fentilen fêstfrieze? Soe dat kinne? Hy hat noait earder bûten spile mei sa'n kjeld. Miskien moat er de trompet foar alle wissichheid mar wat waarm ynpakke yn in pear handoeken, sadat de fentilen yn alle gefallen net yn de koffer al befrieze.

'Wat is dit?' freget Durk de oare moarns, as er mei syn bôle op de bank foar de televyzje sitten giet. Mem hat in feal wyt gefal oer de leuning hongen.

'Dat is heit syn lange ûnderbroek. Dy moatst hjoed mar oandwaan, ûnder dyn lange broek.'

Durk wol tsjinakselje, mar sjocht oan mem har gesicht dat dat gjin doel hat.

'Leau my no mar,' seit se, 'do stiest hieltyd stil, dus do wurdst kâld.' Dat kin Durk him suver net foarstelle. As er muzyk makket, ferjit er altyd alles om him hinne. Neat is sa fijn, sa hearlik, as trompetspyljen.

Hjoed is it woansdei 26 febrewaris 1986 en se sjogge op 'e televyzje hoe't de maratonriders, dy't al sûnt fiif oere dy moarns de kjeld wjersteane, mei feart en faasje oer de Fryske wetters glide. Wat in manjefyk gesicht! Guon hawwe iispegels yn 't burd hingjen. Evert van Benthem giet oan kop, krekt as it ôfrûne jier. Twa Alvestêdetochten yn twa jier tiid. Wa hie dat tinke kinnen.

Underwilens is ek it gewoane folk oan bar. Yn totaal sille sechstjintûzen minsken oan 'e start ferskine. Se komme út it hiele lân en sels út it bûtenlân. It sjocht der, hoewol't it noch ier yn 'e moarn is, al gesellich út by de rûte lâns. Minsken moedige famylje en freonen oan mei gejoel, spandoeken en muzyk.

Muzyk! Durk sjocht op 'e klok. Njoggen oere. Om in oere as trije giet er dy kant út, hat er mei mem ôfpraat. Dan binne der genôch minsken dy't foarbykomme en sit de sfear der al goed yn. Kin er earst noch eefkes oefenje.

Underweis op de fyts nûnderet er de melodyen fan de lietsjes dy't er spylje wol. Hy fielt in knoop yn 'e mage fan de spanning. Mar ek in licht prikeljen, in lytse jubel. Want hy sil it dwaan. Wacht mar!

Al fan fierren sjocht er in geweldige sliert auto's stean yn de rjochting fan de brêge by Bartlehiem. En ienkear tichterby liket it wol as oft hiel Fryslân krekt hjir de Alvestêdetocht meimeitsje wol. Durk begrypt dat wol. Hjir kinst de reedriders twa kear foarbykommen sjen. Earst komme se hjir út Frjentsjer wei lâns, op wei nei Dokkum, en letter komme se werom foar it lêste stik nei de finish yn Ljouwert. Hy siket in plakje foar syn fyts, pakt syn trompetkoffer fan de pakjedrager en sjocht wêr't er it bêste stean gean kin.

'Ha! Muzyk!' ropt in fleurige, wat âldere man mei reade wangen, dy't sawat op 'e midden fan de brêge stiet. 'Kom hjir, bêste jonge. Dan kinne wy allegear fan dy genietsje!'

Durk wrot him wat ferlegen troch de massa yn de rjochting fan de man.

'Klaas', seit dy, wylst er syn hân útsteekt.

'Durk', seit Durk. Dan set er de trompet oan 'e mûle en begjint, earst noch wat wifeljend, It feintsje fan Menaam te spyljen. Gjiniën liket der erch yn te hawwen. De minsken hawwe it fierste drok mei elkoar en mei alle reedriders dy't foarbykomme. Mar dêr wit Klaas wol wat op.

---

‘Dit sil helpe’, gniist er, en dan lûkt er de mûle iepen en sjongt mei lûde stim:

In feintsje út Menaam,  
dy jaget troch it griene wâld,  
hy wiuwt tsjin elk jongfaam  
yn hiel de wide wrâld.  
No ja, no ja! Want sin en wille is mear as jild  
yn bosk en iepen fjild,  
yn bosk en iepen fjild.

De minsken begjinne te laitsjen en it swit brekt Durk út. Mar in frou neist Klaas liket it wol te wurdearjen en begjint mei te sjongen.

Myn rykrak fyts fan stâl!  
Ik ryd him troch de hikkedaam  
en set ek fuort fan wâl,  
as ’t feintsje fan Menaam.  
No ja, no ja! Want sin en wille is mear as jild  
yn bosk en iepen fjild,  
yn bosk en iepen fjild.

Ta Durk syn ferwûndering begjint no de iene nei de oare mei te sjongen of te nûnderjen. In âldere mefrou, fan wa’t it gesicht amper te sjen is ûnder har dikke bûntmûtse, dinet mei de heupen hinne en wer en set dêrmei ek oaren yn beweging. De fentilen fan Durk syn trompet dogge gelokkich har wurk en Durk hat de grutste wille. Sels de riders bewege mei op de muzyk, as er dêrnei It Dokkumer Lokaaltsje spilet. ‘Dokkum: wy komme deroan!’ ropt in jonge reedrider joalich nei Durk. Sa geane de oeren foarby. Durk spilet en spilet en de minsken sjonge fleurich mei. Klaas hat in patatsje foar him helle. Durk syn master Jaap, dy’t oan de oare kant fan de brêge stiet, hat al entûsjast nei him wiuwd. Durk syn âlders en Jeltina steane in eintsje fierderop en sa meielkoar hawwe se in geweldige middei en jûn. Mei it ferstriken fan de oeren sacket de temperatuer wol flink. Durk is no mar al te bliid mei syn lange ûnderbroek. Dan ûntstiet der ynienen ûnrêst op de brêge. Der is wat oan ’e hân, dat is dúdlik, mar wat? Der wurdt wiisd nei in ploechje minsken op it iis. In jongeman liket omsingele troch in oantal reedriders.

‘Dêr hast him!’ seit in frou, wylst se har fotokamera op it ploechje manlju rjochtet.

‘Gean ris oan ’e kant’, snaut se in man neist har ta. ‘Do stiest yn myn byld.’

‘Tuttuttut’, reagearret de man. ‘It is Van Buren mar.’

Durk stompt Klaas oan, dy’t drok yn petear is mei in frou neist him.

‘Wa is dat?’

‘Hiesto dat troch al dyn trompetterjen noch net heard?’

Durk sjocht Klaas fernuvere oan. Wat bedoelt er?

‘Willem. Willem docht mei. Do witst wol: Willem A.’

‘Willem A?’

‘Us kroanprins.’

---

‘Mar wat hat dat mei Van Buren te meitsjen?’ freget er foarsichtich.

‘Dat is syn skûlnamme, sadat der net tefolle ruchtberheid oan jûn wurdt.’

Durk skuort grutte eagen op, en docht syn bêst om wat sjen te kinnen fan de jonge man yn it sintrum fan it ploechje. Hy sjocht in jonge yn in read mei wyt jack, mei in dikke sjaal om en ridend op sljochtweihinne swarte noaren. Dy jonge sjocht der hielendal net keninklik út. Hiel gewoan einliks. Hâldt Klaas him foar de gek? Mar oan it oantal flitsende kamera’s te sjen, soe it wolris wier wêze kinne.

Jeltina komt troch de kloft minsken nei him ta. ‘No komt it derop oan, Durk. Wat silst spylje foar de kroanprins?’

Durk hat gjin idee. W.A. van Buren is yntusken út it sicht, mar Durk wit dat er oer in skoftsje wer foarbykomt, om it lêste stik nei Ljouwert te riden.

Hy sjocht nei syn freon, de trompet dêr’t er hjoed al safolle wille mei hân hat. Wat sil er aanst spylje foar de kroanprins? It folksliet? Neh, fierste sleau. It Fryske folksliet?

Ek net. Te plechtich. Dochs mar wat fan Abba dan? Slacht fansels nergens op.

Dan komt him in lietsje yn ’t sin. Hy skodhollet by de gedachte. Dat doart er noait.

Fierste ûndogensk. Of dochs net? Yn syn holle heart er de wize. Hy sjocht nei de fertilen fan syn trompet en set se yn gedachten yn beweging. Kin er it spylje? Ja, hy kin it spylje. Doart er it te spyljen?

Hy suchtet djip, set de trompet oan syn lippen en begjint Daar in dat kleine café aan de haven te spyljen. It duorret ommers noch wol eefkes. Mar dan, earder as ferwachte, is it safier. W.A. van Buren komt der oanriden, hy set foar de twadde en lêste kear op de brêge fan Bartlehiem ta. Durk sykhellet djip, negearret it bûnzjen fan syn hert en set yn.

Willempie hoor je overal

Willempie is een raar geval

’k Geloof dat niemand weet, hoe of ik heet,

maar ’t kan me niet schele

‘Willempie!’ roepen ze me na

‘Willempie!’ waar ik ga of sta

Ik heet Wim, meer niet.

Maar wie me ziet

roept toch steeds weer Willempie.

Al by de earste toanen giet in hiel jûchhei op. Minsken swaaie mei de hannen yn ’e loft en sjonge lûd mei. Durk komt der noch mar mei muoite boppe-út. Mar wat fynt er dit moai.

En W.A. van Buren? Dy laket nei Durk en stekt in tomme yn ’e loft. In tomme! In tomme! Foar Durk!

Janny van der Molen